

PERSBERICHT



Nummer: 019 TB-NH
Datum: 24 maart 2026

Flinke stimulans voor bomen en bos in Fryslân

Vanaf 6 april tot begin november 2026 stelt Provincie Fryslân zes subsidieregelingen open voor de aanleg en het herstel van bos, houtige landschapselementen, agroforestry en voedselbossen in Fryslân. Hiervoor is €12,9 miljoen beschikbaar. De maatregelen zijn onderdeel van de Friese Bomen- en Bossenstrategie en gelden voor projecten binnen én buiten het Natuur Netwerk Nederland (NNN). De subsidies zijn breed toegankelijk: ook particulieren, gemeenten, Wetterskip Fryslân, stichtingen en verenigingen kunnen een aanvraag doen.

Gedeputeerde Matthijs de Vries: "Met deze regelingen geven we een gerichte impuls aan bos en landschap, juist ook buiten de gebaande paden van het NNN. We investeren vandaag, zodat volgende generaties kunnen blijven wonen, werken en genieten in een groener Fryslân."

Meer mogelijkheden voor grondeigenaren

De regelingen zijn gericht op het aanleggen en herstellen van bos en houtige landschapselementen, zoals singels, bomenrijen, houtwallen en heggen. Ook de aanleg van voedselbossen en agroforestry komen in aanmerking. Door de regelingen breder open te stellen, kunnen meer grondeigenaren bijdragen aan een sterker landschap, meer biodiversiteit en extra CO₂-opslag.

Aanvragen en uitvoering

Aanvragers kunnen zich inschrijven voor één of meerdere regelingen. De provincie wil het beschikbare rijksgeuld voor het landelijk gebied zo goed en tijdig mogelijk inzetten. De regelingen zijn in overleg met gemeenten, Wetterskip Fryslân en terreinbeherende organisaties voorbereid. De aanplant van bomen moet uiterlijk 31 december 2028 zijn afgerond. De openstellingsperiode houdt rekening met het plantseizoen, zodat aanvragers voldoende tijd hebben om plannen uit te voeren.

Voor wie?

De regelingen zijn bedoeld voor agrariërs, particuliere grondeigenaren, gemeenten, Wetterskip Fryslân, stichtingen, verenigingen en terreinbeherende organisaties (TBO's). Niet alles is voor iedereen beschikbaar. Voor agrariërs zijn de subsidieregelingen nieuw bos en revitalisering bos buiten NNN en de regeling voor agroforestry beschikbaar. Voor agrarische ondernemers zijn namelijk deels ook andere regelingen beschikbaar, zoals voor de aanleg van houtige landschapselementen, via het Gemeenschappelijk Landbouw Beleid (GLB) of het agrarisch natuurbeheer. Van nieuw bos en revitalisering binnen NNN kunnen alleen TBO's gebruik maken.

Stand van zaken binnen NNN

De grootste opgave ligt nog bij het herstel van bos, zowel binnen als buiten NNN. De doelstelling voor aanleg van nieuw bos binnen NNN is inmiddels behaald (223 ha). In 2025 is gestart met het herstel van 140 hectare bos in de Duurswouderheide door Staatsbosbeheer (binnen NNN). Door de regeling hiervoor opnieuw open te stellen, hoopt de provincie de doelstelling van revitalisering van bos voor eind 2028 te kunnen realiseren.

Bredere inzet vanuit de mienskip buiten NNN

Vanuit de samenwerking met gemeenten en Wetterskip Fryslân en vanuit de mienskip is er belangstelling getoond voor de regelingen voor realisatie van bos, houtige landschapselementen en voedselbossen buiten NNN. Ook vanuit particulieren heeft de provincie initiatieven ontvangen, die in aanmerking kunnen komen voor subsidie. Voorheen was er voor deze groepen geen subsidie beschikbaar. Met elkaar verwachten wij de maatregelen uit het Maatregelenpakket Landelijk gebied, onderdeel Bomen en Bos, binnen de gestelde termijn tot eind 2028 te kunnen uitvoeren.

Met de 6 regelingen draagt de provincie bij aan het verminderen van stikstofdruk en het versterken van de natuur. De eerste regelingen kunnen vanaf 6 april worden aangevraagd via het subsidieloket op de website van de provincie.

Nûmer: 019 TB-NH
Datum: 24 maart 2026

Flinke stimulâns foar beammen en bosk yn Fryslân

Fan 6 april oant begjin novimber 2026 stelt Provincie Fryslân seis subsydzjeregelingen iepen foar de oanlis en it werstel fan bosk, houtige lânskipseleminten, agroforestry en itensbosken yn Fryslân. Dêr is €12,9 miljoen foar beskikber. De maatregels binne ûnderdiel fan de Friese Bomen- en Bossenstrategie en binne foar projekten binnen én bûten it Natuur Netwerk Nederland (NNN). De subsydzjes binne breed tagonklik: ek partikulieren, gemeenten, Wetterskip Fryslân, stichtingen en ferieningen kinne in oanfraach dwaan.

Deputearre Matthijs de Vries: "Mei dizze regelingen jouwe wy yn doelfêste ympuls oan bosk en lânskip, krekt ek bûten de bewende paden fan it NNN. Wy ynvestearje hjoed, sadat folgjende generaasjes wenjen bliuwe kinne, wurkje en genietsje yn in griener Fryslân."

Mear mooglikheden foar grûneigeners

De regelingen binne rjochte op it oanlizzen en werstellen fan bosk en houtige lânskipseleminten, lykas singels, beammerigen, houtwâlen en hagen. Ek de oanlis fan itensbosken en agroforestry komme yn oanmerking. Troch de regelingen breder iepen te stellen, kinne mear grûneigeners bydrage oan in sterker lânskip, mear bioferskaat en ekstra CO₂-opslach.

Oanfragen en útfiering

Oanfrekers kinne harren ynskriuwe foar ien of meardere regelingen. De provinsje wol it beskikbere ryksjild foar it lanlik gebiet sa goed en op'e tiid mooglik ynsette. De regelingen binne yn oerlis mei gemeenten, Wetterskip Fryslân en terreinbehearende organisaasjes taret. De oanplant fan beammen moat uterlik 31 desimber 2028 ôfrûne wêze. De iepenstellingsperioade hâldt rekken mei it plantseizoen, sadat oanfrekers genôch tiid hawwe om plannen út te fieren.

Foar wa?

De regelingen binne bedoeld foar agrariërs, partikuliere grûneigeners, gemeenten, Wetterskip Fryslân, stichtingen, ferienings en terreinbehearende organisaasjes (TBO's). Net alles is foar elkenien beskikber. Foar agrariërs binne de subsydzjeregelingen nij bosk en refitalisearring bosk bûten NNN en de regeling foar agroforestry beskikber. Foar agraryske ûndernimmers binne nammentlik foar in part ek oare regelingen beskikber, lykas foar de oanlis fan houtige lânskipseleminten, fia it Gemeenschappelijk Landbouw Beleid (GLB) of it agrarysk natuerbehear. Fan nij bosk en refitalisearring binnen NNN kinne allinnich TBO's gebrûk meitsje.

Stân fan saken binnen NNN

De grutste opjeft leit noch by it werstel fan bosk, sawol binnen as bûten NNN. De doelstelling foar oanlis fan nij bosk binnen NNN is ûnderwilens behelle (223 ha). Yn 2025 is úteinset mei it werstel fan 140 bunder bosk yn de Duurswolderheide troch Steatsboskbehear (binnen NNN). Troch de regeling hjirfoar op 'e nij iepen te stellen, hopet de provinsje de doelstelling fan refitalisearring fan bosk foar ein 2028 realisearje te kinnen.

Bredere ynset út de mienskip wei bûten NNN

Ut de gearwurking mei gemeenten en Wetterskip Fryslân en út de mienskip wei is der belangstelling toand foar de regelingen foar realisaasje fan bosk, houtige lânskipsseleminten en itensbosken (bûten NNN). Ek fanút partikulieren hat de provinsje inisjativen krigen, dy't yn oanmerking komme kinne foar subsydje. Foarhinne wie der foar dizze groepen gjin subsydje beskikber.

Mei-inoar ferwachtsje wy de maatregels út it Maatregelpakket Lanlik gebiet, ûnderdiel Beammen en Bosk, binnen de stelde termyn oant ein 2028 útfiere te kinnen.

Mei de 6 regelingen draacht de provinsje by oan it ferminderjen fan stikstofdruk en it fersterkjen fan de natuer. De earste regelingen kinne fan 6 april ôf oanfrege wurde fia it subsydzjeloket op de webside fan de provinsje.